

De Fryske Utopy



De Fryske

UTOPIY

Bornmeer

Dizze útjefte is ta stân kaam mei stipe fan
Provinsje Fryslân, FLMD, Douwe Kalma Stifting, Feitsma Fûns

© 2019 Bornmeer

Omslachûntwerp en boekfersoarging Barbara Jonkers
Druk Bariet
Oersetting Geart Tigchelaar

ISBN 978 90 5615 523 0
NUR 900

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatysearre gegevensbestân, of iepenbier makke yn hokker foarm of op hokker wize dan ek, of elektroanysk, mechanysk, troch fotokopieën, opnamen of op watfoar manier dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederland – info@bornmeer.nl

Bornmeer is ûnderdiel fan
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

Ynhâld

- 8 **Lútsen Kooistra**
Ynlieding

BESTJOER

- 14 **Johanneke Liemburg**
Fryslân 2030: paadsljochter yn Nederlân

- 27 **Marijn Molema**
De seis Fryslannen:
groeie yn subregionale gearwurking

LIBBENSOMJOUWING

- 41 **Cees Buisman**
Fryslân lokkich, sûn en giffrij

- 56 **Houkje Rijpstra**
De ekonomy fan it sûne ferstân

- 76 **Jan Douwe van der Ploeg**
Weromsjen út 2030 wei en fierder:
de Fryske lânbou nei de grutte krieming

- 94 **Theunis Piersma**
Wêr wachtsje wy op?
Alde arguminten foar nij buorkjen

106 **Dirk Strijker en Richard Rijnks**
It Fryske plattelân yn 2030

KULTUER EN TAAL

119 **Abe de Vries**
De emansipaasje is net foltôge
Fryske identiteit yn 2030

139 **Folkert de Jong**
Frysk yn 2030: in geunstige kear foltôge

157 **Hinne Wagenaar**
Venetië en Fryslân
Dreame oer taal, kultuer en tsjerke

182 **Bert Looper**
Erfgoed as meispiler
Oer de takomsten fan it Fryske ferline

YNLIEDING

Lútsen Kooistra

Hoe sjocht Fryslân der út yn 2030? Alve minsken mei in dúdlike (utopyske) fisy sprekke har dêr oer út yn dizze bondel. De bydragen geane oer tal fan tema's, fan it Fryske erfgoed oan't Fryslân frij fan gif.

Tusken de bydragen rinne in pear reade triedden. De dikste reade tried is dy fan it werom nei de basis – de ynwenners fan Fryslân – foar in oar belied en bestjoer. Politike partijen en guon ynstitúsjes hawwe har tiid hân. Boargers binne ûnwis, misse fisy en hawwe it betrouwen yn de polityk en yn ynstitúsjes ferlern. Johanneke Liemburg brûkt sels it wurd politike krisis.

Abe de Vries sjocht kânsen foar fersterkjen fan de Fryske kultuer en identiteit fan ûnder op. De Vries hat net folle fidúsje yn lannelik en provinsjaal (taal- en kultuer)belied en mient dat it stimulearjen fan it dwaan en litten op doarpsnivo it fanselsprekkend makket dat it Frysk mear brûkt en mear status krijt.

Marijn Molema bepleitet foar it ekonomyske stimulearringsbelied ek nije foarmen, ticht by de minsken en bedriuwen. Der moatte seis sub-regio's komme, dy't ekonomysk belied fiere kinne dat past by de minsken yn de regio, by it lânskip en by it selsbewustwêzen. De taak fan de Provinsje kin dan lytser wurde. En wa wit, skimert it noardlik lânsdiel oan de hoarizon. En wêrom dan ek net gearwurking yn in euregio mei Dútslân?

In oare reade tried is dy fan de ekonomy en lânbou fan it plattelân. Hoe sjogge dy der aanst út? Dirk Strijker en Richard Rijnks stelle fêst dat it tradysjonele doarp der net mear is. Nochal wat doarpsminsken hawwe wurk earne yn de provinsje. It doarp is net langer autonoom. Foar it gebrûk meitsjen fan foarsjennings moatte minsken it doarp út, de skoalbern lyksa. Minsken dy't nei de dokter moatte en net mobyl binne, kinne in probleem hawwe. Lokkich binne der sosjale patroanen dy't oan de mienskip bydrage. Lykwols bliuwt jilden dat foar groepen minsken de kwaliteit fan libjen yn it doarp der net better op wurdt.

De lânbou kriget in protte omtinken fan de provinsjale polityk, mear as ferwachte wurde mei op grûn fan de bydrage fan de lânbou oan de ekonomy yn Fryslân. Dy is noch gjin fiif persint. De betsjutting fan de lânbou is lykwols grutter, tink oan de suvel- en agro-yndustry yn Fryslân. Sûnder de kij yn Fryslân soe dy yndustry der net op de hjoeddeistige skaal wêze. Tagelyk moat der rekken mei hâlden wurde dat it tal boeren yn Fryslân werom rinnen bliuwt: gjin opfolging, te grutte finansjele risiko's of as effekt fan it belied fan de (ryks) oerheid. De takomst fan it Fryske plattelân is ridlik ûnwis. De feroarings sette stadich troch.

Cees Buisman hat in bydrage oan de oplossing foar de ûnwissens oer de takomst fan it plattelân. Hy is ynkommeling yn Fryslân: út Amsterdam wei nei Harich. De loft is dêr skjinner en de minsken aardiger. Wêrom komme net mear minsken nei it plattelân fan Fryslân? It imago fan Fryslân is blykber te min. It ferlies oan Friezen mei in hege oplieding komt der noch by. De beropsbefolking nimt wol trije kear gauwer of dan it gemiddelde yn ús lân. Buisman jout suggestjes om it tij te kearen: kreative lytsskaligens, net noch mear skaalfergrutting yn de lânbou. En hy seit mear. Fryslân moat sûner wurde.

No al binne der yn Fryslân minder chronysk siken en is it medisyngebrûk leger as yn 'e rest fan Nederlân. Buisman hat in aksjeplan om it noch better te dwaan yn Fryslân: it gif de wrâld út, te begjinnen yn Fryslân. Dat helpt om minsken foar Fryslân te behâlden en minsken nei Fryslân te lokken. In uto-py? Nee, der binne genôch mooglikheden foar de polityk, it bestjoer en de individuele minsken.

Sirkulaire ekonomy slút oan by dit ferhaal. Dêrby giet om maksimalisaasje fan it wer brûken fan grûnstoffen en minimalisaaasje fan de weardefermindering fan produkten. Houkje Rijpstra lit, yn oansluting by Buisman sjen, hoe needsaaklik dizze fisy op ekonomy is. Op wrâldskaal en ek yn Fryslân. En it begjin is der. Sa'n tweintich Fryske ûndernimmers hawwe har ferantwurdlikheid nommen om de omslach yn tinken te befoarderjen. En it wurket: it tinken yn termen fan duorsemens kaam op om de gemeenteriedsferkiezings fan 2014 hinne en it begrip kaam in 2019 foar yn kolleezje-programma's. Yn 2016 waard de Feriening Sirkulair Friesland oprjochte. In lyts team ûndersiket de mooglikheden fan gearwurking, ûndersyk en eksperiminten: de krieming is der.

De folgjende reade tried is dy fan it lânboelibied en fan it deistich buorkjen. Dat it oars moat, is sa stadichoan elkenien wol dúdlik. Jan Douwe van der Ploeg en Theunis Piersma skriuwe elts op eigen wize oer de needsaaklike grutte feroerings dy't komme moatte. It wênstige belied en it wênstige buorkjen binne fêstrûn. Wy sjogge it oan it plattelân dat yndustryterrein wurden is en wy hearre it oan de stilte yn de loft omdat de greidefûgels ferdwine. Mar de krieming is kkommendewei, mient Van der Ploeg en Piersma skriuwt: wêr wachtsje wy op? In oare fisy, dy fan it sûne ferstân, soarget foar in nije rasjonaliteit, mei in oare, eigen logika. Dy wiist as fansels it paad.

It Fryske Gea komt der oars út te sjen, minder Ingelsk raai-
gêrs en mear krûden yn it lân. It Wetterskip fiert in nij belied:
wetter fêsthâlde ynstee fan it fuort te meallen. Stront is net
mear in smoarch wurd: de útbroeide, droege dong wurdt de
rykdom fan it nije buorkjen. De boarger en de boer steane
net mear tsjinoer elkoar. Fryslân nei de krieming is in foar-
byld en ynspiraasjebron, fier oer de grins. It symboal fan de
nije wurklikheid is de stronthoanne (hop), in fûgel dy't sûnt
1971 net mear yn Fryslân sjoen is, mar grif werom komt as de
strontbult der wer is.

In oare reade tried is dy fan it Frysk as taal, it erfgoed, kultuer
en identiteit. Hoe komt it dêrmei? Folkert de Jong jout sifers
oer de posysje fan it Frysk. Der binne grutte soargen, mar der
is ek hoop, as der ferstannich belied fierd wurdt. Wêr't dat ta
liede kin, blykt út in 'ferslach' fan in gearkomste ta gelegen-
heid fan tritich jier Fryske sûnensfersekering. Bert Looper
beneamt ûnder mear de spanning tusken kultuer yn Fryslân
en Fryske kultuur. Dy wurdt no troch de polityk oplost troch
de Fryske kultuer as in ûnderdiel te beneamen fan de kultuer
fan Fryslân. En kultuer wurdt ôfrekkene op rendement. Wat
driiget dêrtroch ferlern te gean?

Hinne Wagenaar freget him ôf wat de tsjerke yn Fryslân eins
dien hat mei it Frysk: foar of tsjin. It byld is net posityf. De
Bibel is al iuwen lang oerset yn allerhande talen; it hat iuwen
duorre ear't de Fryske oersetting der kaam. Foar de kommen-
de tiid is der net al te folle te ferwachtjen foar it Frysk en de
tsjerken. Ek omdat de measte tsjerklike ferbannen it dreech
hawwe mei harsels nei't safolle minsken fuortrûn binne.
Wagenaar wol troch de wike de tsjerken iepen hawwe foar
minsken dy't mei de siele ûnder de earm rinne. Om ta rêst te
kommen, foar moeting of om dwaande te wêzen mei dingen

dy't spylje yn de mienskip. De tsjerken fan Fryslân as pleisterplakken en as libbene monuminten, iepen nei de mienskip fan Fryslân. Dat is in winkend perspektyf.

Alve auteurs skriuwe út in fisy wei oer de takomst fan Fryslân, elts yn eigen styl. Wat har bynt is belutsenens by minsken, by lânsdouwe, by wurk en by taal en kultuer. Wat har ek bynt is langstme. Net romantysk of sentimenteel, mar in realistysk langstme: de bydragen jouwe in konkrete agenda foar it goede libben yn Fryslân.

BESTJOER

Fryslân 2030: paadsljochter yn Nederlân

Miskien falt yn tsien jier de Europeeske Uny útinoar. Of wy moatte ferhúzje, om't it klimaat folle hurder feroaret as wy tochten. Of wurde wy hacket en brekt de Tredde Wrâldoarloch út troch feroarjende machtsferhâldingen, wa sil it sizze? De tiden feroarje. Mar as de omstannichheden lyk bliuwe, sil de provinsje Fryslân yn 2030 as bestjoerlike ienheid noch bestean. Ek al hat se har eigen posysje swakker makke troch hieltyd gruttere gemeenten ûntstean te litten dy't harsels wol rêde kinne, de provinsje is no ienris in sterk merk. Bestjoerskundige Klaartje Peters sei yn 2007 yn har boek *Het opgeblazen bestuur*, dat de provinsjes om te oerlibjen harsels yn de jierren njoggentich fan de foarige iuw belangriker makke hawwe as se binne, mar dy strategy hat net hielendal wurke. De ynwenners binne net bot ynteressearre, by de ferkiezingen foar Provinsjale Steaten komt faak net mear as fyftich prosint fan de

kiezers op, yn Fryslân trochinoar krekt wat mear. Mar is dat slim? De provinsjes binne der noch altyd.

Fryslân bringt jin mear noch as oare provinsjes it ferline yn't sin. De Fryske grutskens giet werom nei de midsiuwen en hat trije pylders, dy't oare provinsjes misse: de Fryske frijheid, it Fryske rjocht en de Fryske taal. Yn noardwest-Fryslân wize argeologyske fynsten op it bestean fan in Frysk keninkryk, mar it bewiis is net levere. Noch net, want mei nije techniken wurdt ús kennis fan it ferline algeduerigen fernijd. Oant no ta hat it tiidrek fan de Fryske frijheid (1250-1498) foar it oansjen fan Fryslân it belangrykste west. It wie ek de bloeitiid fan de Fryske taal. Efterôf is it min te sizzen oft de Friezen better ôf wienen mei dy tsjin de tiidgeast yngeande dwersens. Yn gebieten mei in sintraal bewâld waard it bestean fan in amtlike organisaasje en it beteljen fan belesting stadichoan gewoan en kaam der mear wolfeart, om't der ynfestearre waard. By eintsje beslút ûntkamen ek de Friezen dêr net oan.

Foar de tiid fan de Fryske frijheid wienen de Franken hjir baas en Karel de Grutte mei syn grutte Roomske Ryk. Nei syn dea yn 814 foel dat ryk rillegau útelkoar en begûn de tiid fan muontsen, ridders en greven. Yn 1165 waard de sizzenkip oer Fryslân ferparte tusken de biskop fan Utert en de greve fan Hollân. Mar Fryslân wie fier fuort. De biskop liet al gau neat mear fan him hearre; de greve kaam yn 1233 foar it lêst dizze kant út. Doe begûn de Fryske frijheid, dy't net befochten, mar wol ferdigene wurde moast tsjin oanfallen fan de greven fan Hollân. It slagge har net om hjir foet oan 'e grûn te krijen. De lêste oerwinning yn 1345 op de Hollânske greve Willem IV yn de *Slach by Starum* wurdt sûnt 1945 jierliks troch Fryske bewegers betocht as de *Slach by Warns*.

Dat it Ald-Fryske rjocht sa belangryk waard, soe wolris te meitsjen hawwe kinne mei it swakke bewâld fan de oerheid,

tinkt Oebele Vries, spesjalist yn it Ald-Frysk en de midsiuwske skiednis. It ûntbrekken fan sintraal bewâld waard opfolle troch saneamde lânsgemeenten, korporeaasjes fan adellike (haadlingen) en net-adellike grûnbesitters (eigenerfden). As se genôch besit hienen, mochten se meidwaan oan it kiezen fan de rjochters-bestjoerders, de grytmannen. De pleatslike byienkomsten dêr 't rjocht sprutsen waard, neamde men 'dingen'. In tiidlang foarmen de lânsgemeenten in losse konfedeeraasje, it Ferbûn fan de Upstalbeam. De namme ferwiist nei in lytse heuvel by Aurich yn East-Fryslân, dêr't ûnder sân beammen alle jierren op de tiisdei nei Pinkster gearkomsten hâlden waarden, foar it lêst yn 1327. Der wurdt sein dat de dielnimmers elkoar begroeten mei de heilwinsk *Eala frya Fresena!*.

No en dan wurdt mei weemoed werom tocht oan dat ferline en wurdt it grutter makke as it wie. It gearwurkingsferbân fan Fryske bewegers dat yn 1925 oprjochte waard, hjitte *De Upstalbeam*. It bestie oant de maitiid fan 1933 en stribbe gearwurking mei de Friezen yn Dútslân nei en in better plak fan de Fryske taal yn it ûnderwiis. It orgaan dat de minister fan Ynlânske Saken en Deputearre Steaten fan Fryslân sûnt 2014 advisearret oer de likense behanling fan de Fryske en de Nederlânske taal hjit *Dingtiid*, nei de lokale rjochtspraak út de midsiuwen. De Fryske frijheid hat in minder moaie achterkant. Troch de striid om de macht en it tanimmend belang fan de stêden kaam it ta konflikten tusken de *Skieringers* en de *Fetkeapers*. Oan 'e ein fan de fyftjinde iuw draaide dat út op in boargeroarloch, dy't de mienskip útinoar skuorde en ferlamme. Yllustrator Skelte Braaksma hat dy skiednis koartlyn tagonklik makke yn in stripferhaal.